

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der ek al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,-). Yn die tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitichgernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

**Jiergong 37
Nûmer 4, Maart 2023**

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.K. nûmer 40059396


It Frysk Boun om Utens
AG en M- en Y-dei 25 maart 2023.

Sneon **25 maart 2023** binne jimme wolkom op de **Algemeine Gearkomste** en de **Moetings- en Ynspiraasjemidde** fan it Frysk Boun om Utens yn Lelystêd. Dit is noch mei nei oanlieding fan ús 50-jierrich jubileum.



**MOETINGS- EN
YNSPIRAASJE DEI**

**Sneon 16 septimber 2023
100 jierrich Jubileum
It Frysk Boun om Utens.**



De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking fan it 100-jierrich bestan fan it Boun op 16 septimber 2023. Sjoch foar mear ynformaasje op 'e webside fan It Boun: www.fryskbutenfryslan.nl .

massearre wurde as er in pynlike en stive nekke hat? Is it dan frjemd as ik my ôffreegje hoe folle tiid oft der ferrinne sil ear't ik sa'n behanneling krij as ik in ferdraaide nekke haw? En ek wêr't ik dy dan fan myn soarchfersekerder krije kin?

Dy soarchfersekerders, dy fan my ek, diene yn desimber alle war om klanten foar harsels te winnen. De iene wie noch better en foaral goedkeaper as de oare. No wie it de tiid om fan soarchfersekerder te feroarjen. Dêr wie gâns wat jild mei te besparjen. Efternei besjoen holden se ús in woarst foar en makken se se ús bliid mei in deade mosk en hiene wy, as we oerstapt wiene, in kat yn 'e sek kocht. Want yn jannewaris die bliken dat dy soarchfersekerders mei in soad grutte soarchferlieners, lykas sikehuzen, noch gjin oerienstimming oer in nij kontrakt foar 2023 hiene. Mei de kâns dat wy, harren klanten, anst mooglik net nei it sikehûs kinne dat it tichtste by is. Of dat we fan de soarchferliener de rekken krije en sels mar sjen moatte om de kosten fan de fersekerder fergoede te krijen. Wylst we alle moannen al in hânfol jild oan preemje kwyt binne. Dêr hoegde dy tsjerkûle him (of har) alhiel net om te bekroadzjen. **Soargje wy yn ús lân no njonkelytsen better foar de bisten as foar de minsken?**

Hovenier
G. Veenstra

Voor al uw tuinwerkzaamheden

Bolderweg 60^a
8243 RW Lelystad
Tel. (0320) 251 009
Mobiel 06-20056979



**Foar nije
en healsliten
boeken**



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk
0320 - 412444
luit.dijk@kpnmail.nl

MINSKEN,
wêz dochs tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID
Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

**It is mei sizzen
net te dwaan!**

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg !?**



van Boonstra
MOEKAARTEL
VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op
WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

(Ule)soarchferliening fan Jan Bosgraaf

Yn it algemien wurdt der yn ús lân goed foar bisten soarge. Nêstbeskerming en neisoarch foar de greidefûgels. Opfangsintra foar hast alle soarten bisten dy't wat mankearje. Fan seehûnen oant ychelbargen. Hoefolle bistesikewei-nen ride der wol net yn ús lân? En hoefolle organisaasjes binne der net, dy 't har ynsette foar it wolwêzen fan bisten? Soks is perfoarst net ferkeard, want dy bisten kinne net foar harsels opkomme. Al wol in hûn noch wolris immen tenei komme. En mei in bolle bliuwt it ek altyd útsjen. Mar oer it algemien binne de measte bisten minskefreonen. It omkearde jildt lykwols net yn alle gefallen.

Om't der yn Fryslân wylde katten ôfsketten wurde meie, die Dier&Recht de provinsje in proses oan. Fan de bestjoersrjochter krige de provinsje gelyk, dat Dier&Recht stelde heger berop yn. Want it ôfsjitten fan wylde katten is wreed, net mear fan dizze tiid (noch krekt net midsiuwsk) en net nedich. Alleast neffens Dier&Rjocht. Dêr is in feriening fan fûgeltellers en ûndersikers it lykwols net alhiel mei iens, omdat dy wylde katten aardich regaad meitsje yn it greidefûgelbestân. Sifers fan de universiteit fan Wageningen wize út dat alle katten yn ús lân jierliks wol 18 miljoen fûgels opfrette.

Dêr is in tsjerkûle yn Rotterdam lokkich oan ûntkommen. Ut it ferhaal fan dy tsjerkûle blykt, hoefolle noed oft wy foar ús swimmende, rinnende, krûpende en yn dit gefal fleanende mei-wrâldbewenners hawwe. Der waard konstatare dat de kop fan it wize bist wat frjemd op 'e romp stie. No kin soks by in ûle al gau, want troch de 14 wringen yn syn nekke kin er syn kop 270 graden draaie of ûnderstboppe keare. Mar de kop fan dizze ûle bleau yn dy frjemde stân stean. De diagnoaze wie, dat it bist *torticollis* hat. Noch nea fan heard? Ik ek net! It is in ferdraaide nekke. Gjin draainekke, want dat is in fûgel út de famylje fan de spjochten. By in ferdraaide nekke stiet de holle wat skeef op 'e romp.

Minsken hawwe der inkeldris ek lêst fan. Dat binne dan gjin skeefnekken, want dêrmei wurde oerdreaun fromme persoanen oantsjut. Mar werom nei de tsjerkûle yn Rotterdam. It bistje freegje, hoe't er oan dy ferdraaide nekke kommen wie, hie gjin doel. Hoe wiis oft er ek is, hy (of sy) koe it dochs net fertelle. Wat syn fersoargers ek besochten om de kop wer yn de natuerlike stân te krijen, it slagge harren net. Se sieten mei de hannen yn it hier. Yn dit gefal, yn 'e fearren. Wat no? Wat wie (ûle)wiisheid? Se rôpen de help fan in bistefysioterapeut yn. Ja, dy binne der ek. Fûgels hiene al faker baat by syn fysioterapy hân. De ûle kriget no fysio- en laserterapy. En tusken de terapeutyske behannelingen troch wurdt alle dagen it tinne nekje fan it bist massearre. It is suver om jaloersk op te wurden. Want wa wol no net alle dagen leafdefol

Ynhâld Meidielingelêd:	side
# Kolofon	1
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegarkomst winterskoft 2022-2023, Kriteiis	4
# Ut de Boekehoeke	5
# Ut de Itensiederij	6
# Opjefteform. foar de gearkomste fan 25 maart by BoerKok.	6
# Utnûging gearkomste 25 maart 2023	8
# Wivedei (ferhaal)	13
# Gasferbrûk yn Nederlân	15
# (Ule)soarchferliening fan Jan Bosgraaf	16
# Nijs fan It Frysk Boun om Utens	17

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 28 Maart 2023.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: *Jan Bijkerk*, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: *Jan Koopman*, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: *Luit Dijk*, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: *Yvonne Nederpel*, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: *Annie Noppers*, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: *Jantsje Meijer*, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: *Fetsje Meijer*, til: 0320-226317, e-mail: fetsje.meijer@ziggo.nl

Kosten: It lidmaatskip is €15,= yn't jier / stipers €10,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: *Jan en Sjoerdsje Bijkerk*.

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: *Albert Postma en Gerrit Kingma*.

FAN DE FOARSITTER.

Bêste leden,

It winterskoft fan de krite rint al wer aardich oan syn ein. Noch ien kear in gearkomste by BoerKok op 25 maart! Op de siden 8 oant en mei 10 kinne jimme it programma fan dy dei besjen.

Dit winterskoft hawwe wy de gearkomsten allegearre nei de midde skowd omt wy tochten dat der dan mear fan jimme nei de gearkomsten komme soenen. Mar dat falt ús dochs tsjin, it oantal besikers op de gearkomsten wurdt hieltyd minder. Jimme begrype wol dat wy as bestjoer dêr wol oer yn sitte - wat moatte wy yn it kommende winterskoft? Gearkomsten wer op de midde as werom gean nei de jûn? Wy sille ús dêr de kommende moanne oer bûge. En it is fansels wol sa dat as der minder leden komme, der ek minder jild ynkomt en dêrom ek minder djoere optredens komme. En dêrmei kin ek de kwaliteit fan de optredens minder wurde.

As ik it dochs oer kwaliteit ha, der is ûndersyk west nei de kwaliteit fan libben yn ferskate dielen fan Europa. Dit kin omskreaun wurde as it algemiene wolwêzen en de tefredenheid fan in mins mei de ferskillende aspekten fan syn libben. Op basis fan hurde gegevens kinne guon gebieten in hege kwaliteit fan libben hawwe, mar dat seit net folle as minsken it net sa sjogge. Der is in kaart fan Europa fan makke en dizze kaart lit sjen dat minsken yn fierwei de measte EU-regio's de libbenkwaliteit as goed beoardielje. Foaral yn Noard- en West-Europa fynt mear as tachtich oant sels njoggentich persint fan de minsken de kwaliteit fan libben yn harren regio goed. Yn Finlân, Sweden, Ierlân, Denemarken, Lúksemburch en Eastenryk is dat mear as 90% foar eltse regio yn it lân. It heechste persintaazje is te finen yn ús eigen Fryslân. **98,7% fan de minsken achtsje de kwaliteit fan libben yn Fryslân aardich oant tige goed.** Yn Drinte en Seelân leit it persintaazje ek boppe de 98%.

Omt wy yn Nederlân ús al jierren beskermje moatte tsjin it wetter, is it de lêste jierren fanwege de droege simmers, fan belang om it wetter sa lang mooglik fest te hâlden.

net sa rom hiene, mocht de frou de bakker wolris ûnder de skelk betelje.

Boarne: *Uit Friesland's Volksleven* fan Waling Dykstra, neiferteld troch Jangerben Mulde

Leechste gasferbrûk yn fyftich jier yn Nederlân

Hoe is it by jimme thús? Hawwe jimme de termostaat de lêste moannen ek wat leger setten? En tinke jimme der oan dat jimme wat minder lang ûnder de dûs stean? No, mei dy hege prizen is dat wol nedich!

Yn Nederlân is yn 2022 in fearn minder gas ferbrûkt as it jier derfoar. Foaral húshâldens en grutte yndustriële bedriuwen brochten harren gasferbrûk omleech, berjochtet it Sintraal Buro foar de Statistyk (CBS). Yn totaal waard 31 miljard kubike meter gas ferbrûkt, de leechste hoemannichte sûnt 1972. Yndustriële bedriuwen binne gewoanwei grutferbrûkers fan ierdgas. Dy ferbrûkten ferline jier in goed fearn minder as in jier earder. Dy delgong wie it grutst by bedriuwen yn 'e ierdoalje- en gemyske yndustry. Elektrisiteitssintrales ferbrûkten tolve persint minder ierdgas.

Minder gas, dochs groei

De sterke omslach ûnder grutferbrûkers komt troch de hege gasprizen. Nefens Peter Hein van Mulligen, haadekonoom by it CBS, hat de yndustry fan de need in deugd makke. "Fabriken wiene foar in part ticht mei't enerzjy te djoer wie. Mar de yndustry hat it wol foarinoar krige om te groeien. Se hawwe mei minder gasferbrûk dochs mear produsearje kinnen." In oare sektor dy't in rol spile yn it tebekrinnen fan it ferbrûk is de glêstúnbou. Glêstúnboubedriuwen dy't sels elektrisiteit opwekken mei in gasmotor, ferbrûkten goed tritich persint minder ierdgas.

Koarter dûse

Net inkeld bedriuwen hawwe besparre, ek húshâldens ferbrûkten it ôfrûne jier in fearn minder gas neffens 2021. Dy delgong waard ek benammen stimulearre troch de slim hegere gasprizen. "Húshâldens hawwe de knoppen tichtdraaid, troch bygelyks koarter te dûsen", seit Van Mulligen. In part fan it ôfnimmen yn it gasferbrûk komt troch it waarmere waar fan ferline jier. Sa'n tsien persint fan de besparring hinget dêrmei gear, seit it CBS. Korrijearre foar de hegere temperatueren wie it ferbrûk fyftjin persint leger as yn 2021.

Underwilens wist Nederlân syn gasfoarrieden aardich oan te foljen yn ferliking mei 2021. Dat komt benammen troch de ymport fan floeiber ierdgas (LNG).

net yn it foardiel fan dejinge dêr't it oer gie.

Nei de tee kamen der in pear karaffen mei brandewyn op 'e tafel, in sûkerpot fol sûker mei raspe melisse en in kom mei drinze rezinen. De poppe siet by de mem op 'e skurte en dan kaam der gjin ein oan it bewûnderjen fan de poppe, dy't by de oare froulju fan skurte nei skurte gie. As it bern troch elkenien bewûndere wie, waarden de kopkes mei sûkere brandewyn mei de sinne mei trochjûn, want dat mocht net tsjin de sinne yn, dat joech ûngelok.

Foardat de earste slok nommen waard, wie it regel dat der sein waard: Ik winske jo in protte lok ta mei jo soan of dochter, dêr't de kreamfrou dan in stimmich tankjewol op sei. Dan namen de froulju it earste leppeltsjefol en wiene se fan de formaliteit ôf en koe der wer gewoan praat wurde. Al gau kaam dan op it aljemint by wa fan de froulju de folgjende wivedei holden wurde soe. Dejinge dy't al wat ûnder de skelk hie, waard dan flink pleage. Der wiene eartiids wol froulju dy't, as hja yn ferwachting wiene, de lapen dy't se brûkten as se de rite hiene, gewoan de earste moannen noch oan de waskline knipieren. Dat diene se omdat de buorlju it noch net witte mochten.

It lêste bedriuw wie it kofjedrinken mei krintebôle. De kofje kaam út in grutte koperen kanne, faak mei trije kranen. Der siet bytiden wolris pypkaniel yn de kofje en ek noch wol brandewyn, dy't dan de namme krige fan boerekofje. De froulju dronken de kofje mei brune grúskes en rjemme. Nei ôfrin krigen se noch in sûkertwibak.

Troch de brandewyn wiene de froulju al aardich fleurich en lûdroftich wurden. Oan pleagjen en gekjeien gjin gebrek. Oan wize ried ek net. In jonge frou dy't twa jier nei har trouwen noch gjin mem wie, waard oanret om de kapkes fan de wite bôle as heilsum middel te iten. Yn in eardere tiid, doe't de seden noch wat rûger wiene, kaam it wol foar dat sa'n frommes troch in hiele groep froulju nei hûs brocht waard. It wie al bêdtiid as se thúskamen, en de froulju kloppen har man fan it bêd ôf en yn syn strekerige lange ûnderbokse krige er it manne waar opsein.

Der wiene froulju dy't de jongtroude froulju goed yn 'e gaten holden. Wiene se nei in healjier noch net swier, dan waard der al ûnderinoar sein: Soe 't by harren net wolle? Der wie ris in bakker dy't dat ek yn 'e gaten hold en dy bea himsels oan om it te besykjen. Bakkers hiene doe net sa'n bêste namme. As der by in húshâlding in bern tusken siet dat der uterlik wat útskaaide, waard al gau sein: It sil wol ien fan de bakker wêze. By húshâldingen dy't it finansjeel

Yn 'e beekdelling Alddijp wurdt dêrom 26 bunder nije natuer klimaatbestindich ynrychte. Mei de ynrychting dêrfan wurde wichtige skeakels yn it string fan it Natuernetwurk Nederlân (NNN) realisearre. Foar de ûntwikkeling fan de nije natuer wurde sleatten ûndjipper makke, om sa it wetter langer fêst te hâlden, en fan keardamkes foarsjoen om ferdrûgjen yn it gebiet tsjin te gean. Op in heger lizzend perseel wurdt bosk oanplante.

Dêrneist komt in dûker ûnder de Bakkefeanster Feart troch. Troch it wetter fia it prinsipe 'fêsthâlde-bergje-ôffiere' mear romte te jaan, wurdt de beekdelling klimaatbestindiger foar lânbou en natuer. Mei it oanlizzen fan de faunapassaazjes ûnder de Foarwurker Wei en De Poassen kinne otters en oare lytse bisten de dyk oerstekke.



Foto Prov. Fryslân

Provinsje Fryslân en Wetterskip Fryslân wurkje gear mei de gebietskommisje Alddijp, gemeente Opsterlân en lânbou- en natuerorganisaasjes oan it opknappen fan de beekdelling fan it Alddijp en it Natuernetwurk.

Oant safier mar wer en ik hoopje dat ik jimme mei grutte oantallen sjen mei op de gearkomst fan 25 maart, en by Peter Tuinman en by it optreden fan ADYRF!! It wurdt fêst in tige moaie middei.

Oant sjen!!

Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2022-2023

DATUM	WAT KOMT DER?
25 maart 2023	AG FBoU en M- en Y-middei mei dêrnei foar ús kriteleden en leden fan oare krite in optreden fan Adyrf by Boerkok oan de Meerkoetenweg 9 - sjoch siden 8 en 9.

KRITENIJS.

- **As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei:**
annie_evenhuis@hotmail.com , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl . Yn't foar tige tank.
- **Simon Dijkstra** wie ús lid fan de krite en hie ús oanjûn slim siik te wêzen en al in soad útsieddingen yn syn lichem te hawwen. Se hawwe yn it sikehûs noch besocht syn libben te rekken en draachliker te meitsjen, mar sa 't er it sels al sei: 'Ik bin ôfskreaun'. In pear dagen letter, op 14 febrewaris, is hy al ferstoarn. It ôfskied hat yn besletten kring plak fûn. Wy winskje de famylje in protte sterkte ta om dit ferlies te dragen.
- Fan Afke Wouda berjocht krigen dat ús lid, har suster fan De Jouwer, begjin desimber fallen is en har heup brutsen hat. Se is no oan it refalidearjen. Wy winskje dat sy mar wer gau rinne kin.

Soms komme der dingen op ús paad dy 't wy net befetsje kinne, se reitsje ús djipste en hawwe ynfloed op ús hiele dwaan en litten, foaroarje foar altyd dat wat earder wie.

Soms komme der dingen op ús paad dy 't ús fan it iene momint op it oare beseffe dogge hoe bysûnder libben is, hoe ryk wy binne mei dat wat ús yn datselde libben jûn is

Soms komme der dingen op ús paad dy 't ús beseffe en fiele litte hoe kwetsber datselde libben ék is, om hjoed te hâlden fan dat wat is, om hjoed te libjen as gjin oar, krekt om 't juster foarby is, en moarn ús gjin inkelde wis-sichheid biedt. (Jan van der Meer)

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

Wivedei

As eartiids in poppe berne wie, krigen de famylje, goekunde en buorlju dêr fuortendaliks tyngje fan. Oaren krigen in bertekaartsje of der kaam in oankundiging yn de krante. Al dy lju giene op kreambesite, of better noch, op poppe besjen. Se hiene it gefoel dat se der net foarwei koene en dat se harren skamje moasten as se weibleaune. Hja doarden dan letter ek net mear byinoar te kommen.

As de kreamfrou werom wie fan de wrâldreis (de befalling), gie de baakster de buorren yn om oan te sizzen dat it in goede reis west hie en dat hja oer in pear dagen útnûge waarden foar de wivedei. Benammen foar de earme lju wie dat in stik bûter yn 'e brij. By de útnûging sei de baakster dat der fan harren gjin kado ferwachte waard.

As der aardich wat flecht op 'e koai ferwachte waard, dan kamen der ek wolris mear wivedagen. De buorfroulju kamen altiten, ek al hie de kreamfrou der net folle wurk fan makke. Op in middei soe it dan meastentiids heve. Alles moast fansels sûkerskjin wêze. Foar de doar lei in dweil, mar de klompen waarden by de bûtendoar al útdien en de froulju kamen op klompsokken it hûs yn. De presintsjes naam de kreamfrou persoanlik yn ûntfangst, wylst de baakster har assistearre. De poppe hie de tate al hân foardat de besite kaam en dy wie troch de baakster yn 'e pronk klaaid. De tee dy't yn it foar al set wie, koe no ynskonken wurde. Dy wie ferswiete mei in tsjok klontsje yn de kopkes. De tee dronken se sa hjit mooglik op, mar troch blazen waard dy dochs noch wat ôfkuolle. De gastfrou trune de froulju



tekening Christina Chalon (publyk domein)

oan om hieltiten by it folgjende kopke in nij sûkerklontsje yn de kopkes te dwaan. Dejinge dy't genôch tee hân hie sette it kopke oerside of op 'e kop op it pântsje. It oerbleaune klontsje waard yn 'e mûle stutsen en dêr waard noch in hiele poas op om sobbe. Der waard fansels ek hiel wat ôf rabbe en meast

drea Joostema, Martine Kamstra en Piet Oldenburger. Mei de technyk fan Roelof Nolles en de rezjy yn hannen fan Lieuwe van der Meer, wie dit in prachtige earste foarstelling. Der wiene op dat stuit lykwols ynienen mear minsken dy 't spylje woene by Adyrf. Der kamen meardere foarstellingen en der wie in moaie ploech mei spilers. Waarden yn it begjin de ferskes noch net 'live' songen, letter barde dat wol. Eigen teksten op bekende melodyen wurde 'live' songen. De lêste jierren wurde alle foarstellingen spile en songen troch Andrea en Lieuwe. Wat begûn as grap en mar foar ien kear wêze soe, is útgroeid ta in út 'e hân rûne hobby fan al mear as 20 jier!

Minsken dit moatte jimme dochs meimeitsje!!

Om kertier foar seizen is it optreden ôfrûn. As jimme noch in hapke ite wolle by BoerKok, dan is dêr gelegenheid foar. Sy hawwe foar ús as Friezen om Utens in 2-gangen waarm iten makke foar € 29,50.

As jo/jimme bliuwe te iten by BoerKok, dan moatte jimme dat ek opjaan by Luit Dijk. Der wurdt op de middei ôfreakenne by de ponghâlder fan de krite, Jan Koopman.

Foar drinken binne der konsumpsjebonnen oan de bar fan Boerkok te keap.



Ut de BOEKEHOEKE

Fan Ferdinand de Jong: De Museum moard.

**BOEKEN
FAN FRYSLAN**

Krekt as Paolo Lione fierder sil mei syn ynlieding, klinkt der in hurde gjalp troch de seal. 'Sjoch dan! Dêr!'

De iepening fan de útstalling troch de wrâldferneamde Italiaanske keunstner Paolo Lione wurdt wreed fersteurd as der in lyk yn in bêd fan roazebledsjes yn de Prinsewyk ûnder it Hearrenfeanster museum driuwt. It blykt in slim tatakele frou te wêzen. Resjersjeur Annet Hillema en har partner Marcel Pronk begjinne in ûndersyk. Annet ropt de help yn fan har eks-kollega, priveedetec-tive Paul Graafsma. Dy bedarret yn de wrâld fan de Italiaanske maffia. Neat is wat it liket, sa docht bliken.



Mei **De Iishilligen** hat **Durk van der Ploeg** in munumintale roman skreaun. Diskear hat er de Bandtpolder by de eardere Lauwerssee as lokaasje nommen. It ferhaal spilet yn de tritiger en fjirtiger jierren fan de foarige ieu. De húshâlding op it Bandsthûs wurdt de spotske bynamme 'De Iishilligen' neidroegen. Dat steurt harren lykwols net. Sy hawwe wat oars foar eagen. Allegearre sykje se op har eigen wize in takomst. Sy wolle har losmeitsje fan de ferlitten oarde en ûntkomme oan it earmoedige libben fan stront en blabber.

Luit Dijk en Johanna van Dijk, luit.dijk@kpnmail.nl, til. 0320-412444.

Ut de ITENSIEDERIJ - Limoenmousse

Dizze kear ha ik in neigesetsje útkeazen, wêroer de gasten dy ik it koartlyn foarsetten ha, lyrysk wiene, en dat hiel maklik al in dei foarôf ree makke wurde kin.

Yngrediïnten foar 6 persoanen:

- 600 ml ûngekloppe slachrjemme;
- de raspe skyl fan 1 sitroen;
- 4 repen fan de skyl fan in limoen;
- ¾ teeleppel limoenrasp;
- 140 gr fine kristalsûker;
- 3 ytleppels limoensop;
- ¼ teeleppel sâlt;
- 150 gr tropysk fruit (bg. mango, ananas of kiwi).



Berêding:

- Bring de slachrjemme mei de sitroenrasp, de repen limoenskiel en de limoenrasp stadich op healfol fjoer oan de soad.
- Nim dan de panne fan it fjoer en lit de rjemme 30 minuten ynlûke.
- Set de panne wer op healfol fjoer en foegje de sûker en it sâlt ta. Bring de rjemme al rierend oan de soad en lit it 1 á 2 minúten súntsjes siede. Bliuw rieren om te foarkommen dat de rjemme oersiert.
- Jit de rjemme troch in fine souwe yn in grutte maatbeker, rier der in ytleppel limoensop trochhinne – de rjemme sil yn dit stadium fluch tsjokker wurde – en jit de rjemme yn 6 komkes of glêzen (de rjemme moat oant trijefearn fan de bopperâne komme).
- Lit it op syn minst 6 oeren of in hiele nacht yn de kuolkast opstivje.
- Garnear de opstivje rjemme flak foar it optsjinjen mei stikjes tropysk fruit, strui de rest fan de limoensop dêr oer en jit de rest fan it limoensop oer it gehiel.

En no mar lekker ite!

Yvonne Nederpel.

Adyrf.

Teäter en sjongduo Adyrf (bestearde út Andrea Joostema en Lieuwe van der Meer) is in amateurselskip út Jirnsum. Sy spylje (sûnt 2001) eigen muzikale foarstellingen. Alles dogge se sels: skriuwe, spylje, opbouwe, ljocht en lûd! Dêrneist geane se al dy jierren mei in soad wille geregeld as sjongduo op paad. Wille foar harsels en wille foar harren publyk. Alle foarstellingen binne geskikt foar sawol lytse as grutte selskippen. Se beskikke oer in eigen lûd - en ljochtynstallaasje en kinne fan elke lokaasje in gesellich teäter meitsje. As sjongduo geane se geregeld op paad mei harren muzykprogramma's. Muzykprogramma's foar seni-oaren, merken, festivals, brulloften ensfh. Oeral dêr 't it gesellich wêze moat, komme se graach om der in muzykfeest fan te meitsjen. En harren muzyk stimme se ôf op de winsken fan it publyk.

Efkes foarstelle.

Andrea Joostema: sjongeres, aktrise en de partner fan Lieuwe, is berne yn 1962 en hat jierrenlang wurke yn de âldereinsoarch. Yn 1999 is sy begûn mei toanielspyljen by in pleatslike toanielferiening. Dêrfoar song se graach by in gospelkoar. Yn 2002 hat se, tegearre mei Lieuwe, it selskip Adyrf oprjochte en fan it begjin ôf spilet se hjir mei in hiel soad wille.

Lieuwe van der Meer: is berne yn 1960 en hat ek wurke yn de âldereinsoarch. Dêrnei yn de befeiliging en dêrnei yn de berne-opfang. Syn toanielkarriêre is úteinset yn Stiens as technikus. Yn 2001 hat er, tegearre mei Andrea, Adyrf oprjochte. Dêrfoar hat er op paad west as kar-master foar toanielferieningen en hat er in soad toanielferienings stipe as regisseur.

Skiednis.

Tradisjoneel toaniel is moai, mar se woene mei-inoar graach wat oars dwaan. De kombinaasje fan toaniel en muzyk (en kabaret) like harren in aardige útdaging. Yn 2001 binne se min ofte mear as grap begûn mei harren earste foarstelling ' Mefr. De Vries ', dy 't spile waard troch An-

Fierder op de middei fersoarget de Sékrite in optreden fan

ADYRF

op sneon 25 maart 2023 om 15:15 oere by BoerKok.

Seal iepen om 14:50 oere - Yntree leden € 10,00 - net-leden € 12,50



Hjir ûnder sjogge jimme it opjefteformulier foar 25 maart. Sjoch foar de yndieling fan de dei de siden 8 oant en mei 10 of gean nei :

www.fryskbutenfryslan.fr!

OPEJFTE-FORMULIER FOAR 25 MAART by BOERKOK. Opjefte foar 11 maart!	Wy komme mei : oantal minsk
Ik kom nei de Algemiene Gearkomste fan it FBoU	
Ik doch tusken de middei mei oan de lunsj fan BoerKok kosten € 17,50	
Ik kom nei de Moetings- en Ynspiraasje middei mei it gâstoptreden fan de bekende Fries om Utens Peter Tuinman	
Foar it optreden fan ADYRF is it net nedich om jo op te jaan	--
Ik wol graach oan it ein fan de dei ite by BoerKok - kos- ten € 29,50 foar in 2-gongen waarm iten - drankjes foar eigen rekken	
NAMME:	
Jimme kinne ek Luit Dijk in mailsje stjoere mei de ge- gevens of him in telefoanstje jaan - sjoch side 1	

As jimme nei BoerKok wolle, kinne jimme dit formulier ynfolje, der in foto fan meitsje en maile nei Luit Dijk.

SNEON 25 maart by BOERKOK

oan de Meerkoetenweg 9 yn Lelystêd.

Jimme binne dêr al earder west by it fieren fan ús 50-jierrich jubileumfeest.

Nei de Algemiene Ledegearkomste fan It Frysk Boun om Utens is de Moetings- en Ynspiraasje middei.

Dizze begjint om 13:15 oere — seal iepen om 13:00 oere.

It bestjoer fan de Sékrite nûget harren leden dan ek út foar it bywenjen fan dit barren.

Jimme kinne dan hearre nei in bekende Fries om Utens en dat is PETER TUINMAN en it is fergees.

— Wol graach opjaan foar 11 maart by Luit Dijk —

Peter Tuinman, berne op 15 april 1947 yn Twizel is in Nederlânsk akteur. Hy waard berne as soan fan in hoofd fan in legere skoalle. Heit Anne Tuinman sette toanielstikken oer, tekene en skreau revues. Mem Albertha Bloembergen wie djipleauwich en song yn it tsjerkekoar fan Oerterp. Syn âlden namen him faak mei nei it teater yn Drachten.

As tiener woe Tuinman sporter wurde. Hy waard lid fan in atletykferiening op It Hearrenfean, mar nei 't by him in hertôfwiking fêststeld wie, moast er fan syn dreamde karriêre as atleet ôfsjen.

Tuinman makke de hbs-b ôf en studearre sosjology en ekonomy. Hy bruts syn stúdzje ôf en wurke as frachtweinsjauffeur, diskjockey en barkeeper. Hjirnei waard er manager by in bank.

Syn hobby wie toanielspyljen. Op advys fan de lieder fan syn toanielskip waard er beropsakteur, ûnder oare by Toneelgroep De Noorder Compagnie yn Drachten.

Tuinman spile yn ferskate telefyzjesearjes 'Tussen wal en schip' (1977) en 'De Kris Pusaka' út itselde jier, mar bruts troch mei syn rol yn de film 'Spetters' as Jaap, de homo-seksuele broer van Fientje (spile troch Renée Soutendijk). Hjirnei folgen rollen yn ferskate oare Nederlânske spylfilms.

Tuinman is dêrneist aktyf as toanielspiler en as telefyzjeakteur. Hy is ek yn ferskate Frysktalige films te sjen, ûnder oare yn 'De Dream' - in ferfilming út 1985 fan de Hogerhuis-saak út 1895.

Yn de dramasearje Dankert & Dankert' fan Omrop Fryslân, ynspirearre op de twilling Willem en Hans Anker, spilet Tuinman de dûbele haadrol.

Yn 1985 krige er in Gouden Kalf foar syn rol as Wiebren Hoger-

huis yn 'De Dream'. Hy waard manmachtich priizge foar syn rol yn de plysje-searjes 'Buro Kruislaan' en 'Unit 13', wêryn 't hy de rol fan haadynspekteur Ruard Talsma ferfolle.

Hy spile in rol yn de bûtenlânske film 'Vincent & Theo' (1990) oer it libben fan de bruorren Van Gogh, ûnder rezjy fan Robert Altman.

Lykris fertolke er wichtige rollen en haadrollen yn films as ûnder oaren 'Het meisje met het rode haar', 'de Schorpioen', 'Van geluk gesproken', 'De zwarte meteor', en 'Ik ga naar Tahiti'.

